

# DOARPSOMROPPER


MOANNEBLED FOAR ALDEGEA EN OMKRITEN





# DOARPSOCH II

NUMMER 11 VAN DE MAART 1987



*Faded text, possibly a signature or title, located below the illustration.*

# DOARPSOMROPPER

MOANNEBLED FOAR ALDEGEA EN OMKRITEN

Utjouwer:  
Drukkerij R.I.J.O. b.v.  
Het Anker 7  
9206 AL Drachten  
Till. 05120 - 12468

Redaksje:  
L. de Jong, haadredakteur, It West 8  
M. Veenstra-Klasema, Eastersânning 5, till. 2514  
Foar it Doarpsomropperke:  
C.Bosma, Geasten 1. S. Bouma, Buorren 28A

IT APRILNUMER FAN DE DOARPSOMROPPER WURDT OP 29 APRIL BYLANS  
BROCHT. KOPIJ FOAR DAT NUMER MOAT FOAR 18 APRIL BINNEN WEZE.

## Y N H A L D:

## P E A S K E

### FERS

#### FAN 'E REDAKSJE

Demokrasj  
Filmpraatsje

#### FERIENINGSNIJS

Damklup  
Doarpsbelang  
Fûgelwacht I  
Fûgelwacht II  
Afscheid begrafenisvereniging  
Klokluiders  
Skoalle mei de bibel

#### IT WITTEN WURDICH

Garage Visser  
Zwemmen voor zwangeren

#### UT OARE BLEDEN

Skoaldokters II  
Earnstich fearnsjierswurd

#### YNSTJOERD

Resept

#### FAN ALLES WAT

Kollekte reumafûns  
Kollekte Simavi  
Jiergearkomst Oranje- en feestferiening

#### SKIEDNIS

Aide foto  
Underwiis en skoalmasters III

#### DOARPSOMROPPERKE

#### WURKLISTEN ensfh.

*Sjong dyn sang foar de sinne ljurk  
do brune troubadour  
sjong foar flinters en fisken ljurk  
greiden en marren oer  
sjong alle loftten fol jûchheit  
sjong alle dagen ljocht  
wetter en wyn dy sjonge mei  
de kym dy tilt fan nocht.*

*Meitsje alle fûgels dronken ljurk  
en fiterje dyn koar  
wa 't jit gjin wize kenne ljurk  
sjong do 'm harren foar:  
do bist in master as gjinien  
dyn siel is fan musyk  
wa hat foar God en sinne stien  
hat 'n kiel dyn kiel gelyk?*

*En sjong ek foar de minsken ljurk  
besprongen fan de dea  
sjong fan in ivige moarntiid ljurk  
sjong do ús nachten rea  
sjong dat de dea ferliezer is  
en dat it libben wint  
sjong dat it Peaske Peaske is  
dat hjoed Gods dei begjint.*

*Inne de Jong*

#### FAN 'E REDAKSJE

#### Filmpraatsje

Yn 'e Drachtster Krante stie okkerdeis, dat der in promotion (d.w.s. reklame)-film makke is oer ús gemeente. Nee, nee, dat sis ik net krekternôch, ik moat sizze, in film dy 't út 'e gemeentekas betelle is (amper oan f 100.000) en makke is om reklame te meitsjen foar Drachten. "Drachten present(s)" is de titel dêr 't de film mei de wrâld yn giet en dy



licht der net om. Der leit ek noch in film dy 't titele is "Big talk about a small town", mar dy is fan 1969 en de tiid stiet net stil fansels, Drachten nammers ek net. It foarstel om de titel fan dy âlde film in lyts bytsje te feroarjen yn "Small talk about a big town" en dy te brûken foar de nije like de filmkommisje wol nei fleanen. Dat sadwaande is it "Drachten present(s)" wurden.

"Ik hoop dat de samenstellers er in geslaagd zijn een knap produkt te maken", hat boargemaster Bert Smallenbroek sein. Ja, dat soe men wrychtsjes al hoopje, foar Drachten en foar Bert. Die kameralju moatte suver wol tsoenders wêze, om fan in plak sûnder rook en smaak, lykas Drachten is, in moaie film te meitsjen. Jierren en jierren oanien hawwe generaasjes gemeentebestjoerders en partikulieren har ynspand om alles wat jin tinke lit oan 'e histoarje, oan 'e ôfkomst (feanterij), út te roegjen. Dat is aardich goed slagge, it risseltaat fan dat krewearjen is der nei: in plak sûnder sfear, sûnder skientme, steryl, modern.

Mar hawar, der stie ek yn 'e krante, dat in groep kreaze Drachtster fammen op 'e "airstrip" oan it dânsjen west hat. Dat stiet ek op dy film. Faaks kin dat tsjeppe jonge guod der foar soargje, dat frjemdingen aansen op Drachten ôfkomme as miggen op 'e sjerp. "Drachten, town of beauties", in aardige ûndertitel faaks.

En der stie ek noch yn 'e krante, dat ús pleatslik riedslid, mar dan as filmstjer, ek yn 'e nije film te bewûnderjen is. En mei dy heuchlike meidieling beslute wy dit filmpraatsje dan mar.


d. J.

## Demokrasjy

Wy tinke wolris dat bjusterbaarlike dingen altyd fier fan ús ôf barre. Mar dat is net sa. As foarbyld kin tsjingje, wat der deun by ús, yn ús buorgemeente Opsterlân barde. Dy is koartlyn yn it nijs kommen mei 't se yn De Sweach de demokrasjy bûtendoar set hiene, jierrenlang ek noch. In nuvere boel dêre, mar no is dan alles (no ja, alles) foar 't ljocht kommen. Lokkich mar.

De boargemaster, sizze se yn goed ynljochte fermiddens yn De Gordyk, hat al yn Ljouwert op it provinsjehûs komme moatten en doe 't er wer bûtendoar kaam moat er mar frijwat wyt om 'e noas west hawwe. Amtners út Den Haach, sizze se ek yn De Gordyk, binne ûnferwachts it gemeentehûs yngien (ynstoarme sizze guon) en hawwe op 'e ôfdieling finânsjes alles oeral helle, it soe wol te ferlykjen west ha mei de aksjes yn 'e Slavenburg Bank okkerdeis. Mar faaks hawwe se yn De Gordyk wol wat nocht oan ûnnocht.

De hiele boel kaam foar 't ljocht troch it hoekhâlden fan 'e trijemansfraksje fan OB (Opsterlands Belang). It wie OB altiten al min nei 't sin dat it loftse gemeentebestjoer taken útfiere woe, dy 't neffens OB troch partikulieren dien wurde moasten. De gemeente beheart sels in fakânsjesintrum yn Bakkefean. Dat kostet de gemeente in slompe jild, sei OB. Neat fan wier, bewearde it kolleasje fan B en W. It is in goed winstjaand bedriuw. Mar OB hâlde oan as stoarein. Jierren hat dat al-net spultsje duorre. It hat in hûnelibben duorre ear 't it safier kaam, mar in skoftke lyn joech wethâlder Munniksma ta, hy



garagebedryf



# D. VISSER


gariperwei 2  
9216 vk Oudega Sm  
tel. 05127-1777



## VERKOOP VAN NIEUWE EN GEBRUIKTE AUTO'S reparatie alle merken auto's b.v.:

- 10.000 / 15.000 km. beurten
- doorsmeren en olie verversen
- uitlaten, gratis montage
- schokbrekers
- accu's, antivries
- autoruiten
- balanceren
- banden (min. 15% korting)
- accessoires etc. etc.

Pomp  
geopend  
van  
07.30 - 18.30  
uur  
zondags  
gesloten





sei hy soe mei de stikken yn 'e hân oantoan, dat it fakânsjesintrum rûn as in trein. Mar doe 't er op ûndersyk út gong, die 't bliken, dat it fakânsjesintrum hielendal net goed rûn, krektoarsom, der wie in fiks ferlies fan wol in miljoen. En dêr wist de wethâlder neat fan!

Dat gefal hie in sniebal-effekt; doe kaam der mear foar 't ljocht. De sporthal bygelyks. De ried miende, dat dy 1,2 miljoen koste, mar yn werklikheid koste dy ryklik f 500.000 mear en dat is net sa 'n bytsje.

Min ofte mear tafallich wie it wethâlder Munnik-sma, dy 't dy ûntdekking die. Want hy beheert finânsjes noch mar koart, ntl. sûnt ferline hjerst. Earder hie boargemaster J. van Bodegem finânsjes yn behear, jierren oanien. Men kin fan him perfoarst net bewearre, dat er al dy jierren goed op syn iepenst west hat, it hat der mear fan, dat er jierrenlang domwei syn hân set hat ûnder "riedsbesluten", sûnder te sjen wer 't it oer gong. Der moatte wol in pear hûndert fan dy "riedsbesluten" nei it provinsjehûs tastjoerd wêze, dêr 't de ried nea oer praat, lit stean oer stimd hat. It is wol pikant om ris te tinken oan 'e aksjes dy 't wol fierd binne om keazen boargemasters te krijen. It waard altiten ôfkitst mei û.o. it argumint, dat der tusken al dy goedbedoelende amateur-gemeentebestjoerders op syn minst ien echte, profesjonele bestjoerder heart te sitten om de boel yn 'e stokken te halden: de beneamde boargemaster. Ja, ja.

Dy Opsterlânske boargemaster heart ûntslein te wurden fansels. De wethâlders moatte likemin hant-havene wurde. It betrouwen fan de Opsterlânske boargers yn 'e gemeentepolityk hat gâns in opdonder krige en it is min oan te nimmen, dat it betrouwen werom komt as deselde ploech kneukelhouters it helmhout yn 'e hannen hâldt. As in minister soksawat úthelje soe dan krige er hjeljûn, op slach en stuit.

Hoe koe dat sa gean lykas it gie? Wol, "handige" amtners moatte nei de riedsgearkomsten noch wat fan dy "riedsbesluten" yn 'e map fan B en W treaun ha. "Aldus besloten door de raad" wie de slotsin en sa like it krekt echt. De foarsitter fan 'e ried hat se domwei ûnderskreaun en nei Deputearre Steaten stjoerd. Sa hat Opsterlân jierrenlang in sabeare-demokrasjy hân. Nei alle gedachten hat dat de gemeente moai wat jild koste, miljoenen. Wa draacht de skea? Dat is in nijsgjirrige fraach.

Wy moatte fansels net tinke, dat soks allinne mar yn Opsterlân barre kin. It kin likegoed op it Smel-lingerlânske gemeentehûs barre, bart der faaks wol. By de VNG (Vereniging van Nederlandse Gemeenten) doare se net te bewearren, dat der gjin mear gemeenten binne, dy 't it ek net sa krekt nimme mei de gemeentewet.

Is dêr no wat oan te dwaan? Kinne de boargers der wat oan dwaan? Net folle, tink. Ja, wy soene de demokratyske bestjoersfoarm noch tichter by hûs helje kinne mei in doarpsried yn te stellen. Dat soe it dielnimmen fan 'e befolking yn 'e polityk grutter meitsje kinne. Dat soe dan fansels wol desintralisaasje betsjutte moatte, de gemeenteried soe dan wol wat fan syn foech ôfstean moatte oan 'e doarpsried. Dat sil wol in heikerwei wurde, macht skynt in djoer



*Yn Aldegea binne de gasrekkens it alderleechst,  
want de kwaliteit fan de slachter is dêr 't alderheechst.*

*Dat fleis is sa mar gear, hoecht dus mar krekt op 't fjoer  
en it is foar dat soarte gjin stoer te djoer.*


*De moaiste jonge kij dy meie wy thús noch slachtsje,  
de kwaliteit is sa goed, men kin net better ferwachtsje.*

*En binn' jo âld of stik en kinn' jo 't sels net helje,  
twa kear wyks bringe wy 't bylâns, dus je kinn' rêstich belje.*

*Jo hoege ek net troch de snie of wiete rein,  
want wy besoargje ek yn Burgum, Nijegea en De Pein.*

*Dus wat let jo, krij rêstich mar de tillefoan  
en wy bringe 't moaiste guod by jo oan.*

*Foar 't fijnste fleis of in stikje rikke spek op brea:  
nei Oeds Pietersma, slachter te Aldegea.*



**OEDS PIETERSMA**

**SLACHTER ALDEGEA**



**SANBUORREN 19  
ALDEGEA (SMELL.)**

**TILLEFOAN 05127 - 1241**



*Wenhûs: Langdeel 7, tillefoan 2456*





Rijwielen o.a. GAZELLE en UNION.


De vanouds bekende SMID  
van OUDEGA met een  
nog echt open vuur.  
Tel. 05127 - 1536.

**A.J. WELLING  
BUORREN 18  
OUDEGA**

artikel te wêzen. Mar it is wol it besykjen wurdich.  
Wa nimt de foarstap? Doarpsbelang? Mar dy is al  
tachtich jier !

d. J.

### FERIENINGSNIJS



### DAMCLUB D.C. "OUDEGA"

De competitie draait nog op volle toeren. Henk Jonker en Fedde Kooi spelen om de bovenste plaatsen in Groep I. Beide spelers zijn bijna onbereikbaar voor Joop en Leense. Rode lantaarndrager is U. Tjeerdsma, als hij zich waar wil maken moet hij zijn laatste wedstrijden wel in winst omzetten, anders wordt het 't volgende jaar in de 2e groep spelen. In groep II moest P. Feddema zijn 1e verlies incasieren tegen J. Jansma. M. Tjeerdsma behoudt hier de beste kansen om 1e te worden. Door de vele wedstrijden in Groep II is deze gesplitst. Na 1 volle ronde spelen de hoogste 6 nog een 1/2 ronde, en de onderste 6 spelen ook nog een 1/2 ronde tegen elkaar. Daardoor kan nummer 7 van Groep II wel meer punten behalen dan de 5 of 6 van het bovenste deel van Groep II.

AUTO- en MOTORRIJSCHOOL

**W. PIJL**

Foareker 27 - 9247 AA URETERP  
Tel. 05125 - 2151

Haal uw rijbewijs:

in schakelauto . . . . . B.M.W.  
in automaat . . . . . Renault  
op één onzer motoren . . . . . Honda

U bent bij ons niet  
een hele morgen of middag van huis,  
maar slechts 2 uren ! ! ! ! !

Elke week theorieles  
**URETERP  
HEMRIK  
DRACHTEN  
SURHUISTERVEEN**



Stand per 15-3-1983:

Groep I		Groep II	
1. F. Kooi	13-19	1. P. Feddema	12-19
2. He. Jonker	12-18	2. M. Tjeerdsma	10-17
3. Joh. de Graaf	13-15	3. J. Jansma	13-16
4. L. Houwink	12-13	4. Sj. Reitsma	14-16
5. S. de Graaf	15-13	5. B. Klijnstra	13-12
6. O. Roukens	11-12	6. D. Jonker	11-10
7. O. Kooi	12-12	7. G. Kooi	10- 9
8. G. Tjeerdsma	14- 8	8. Cath. Bouma	11- 8
9. U. Tjeerdsma	12- 4	M. v.d. Veen	11- 8
		10. Tj. Jonkhoff	11- 7
		11. Kl. Jacobi	9- 4

Op donderdag 24-2 speelde het 4-tal Junioren haar laatste wedstrijd in Grouw. Door het verlies van 5-3 werd Oudega I derde van Friesland. Oudega II werd vijfde en sloot de rij. Kampioen werd Grouw, met Sneek als 2e. Op 't ogenblik speelt M. Tjeerdsma in de halve finale 1e klas van Friesland. Vrijdag 11-3 moest hij zijn 1e nederlaag incasseren, maar met nog 8 wedstrijden voor de boeg kan er nog van alles gebeuren. Vrijdag 4-3 moest Oudega II hun 1e bekerwedstrijd spelen tegen Cornjum II. Na lang wachten kwam er geen speler opdagen, zodat Oudega deze wedstrijd reglementair met 8-0 won. Dinsdag 15-3 wordt er in en tegen Marknesse 2 gespeeld.

Bij de Jeugd wordt fel gespeeld op 't ogenblik. Standen zijn hier op 't moment niet bekend, maar dat Peter, Cor en Reinder de meeste kansen hebben is wel bekend.

Bij de jongste Jeugd kan de titel Aalze Wijma niet meer ontgaan. Met zo'n 8 punten voorsprong op Wietse Jelsma, wordt hier één van de jongste spelers kampioen. Volgende keer komt ook hier de stand weer.

## DOARPSBELANG

### NIJS fan de jierlikse ledegearkomst fan DOARPSBELANG

- Foarsitter Faber wol ôfgean as foarsitter en bestjoerslid, mei it each op syn jierren. Hy bliuwt noch yn funksje oant de feestlike betinking fan it 80-jierrich bestean fan D.B., op 13 maaie 1983. As blyk fan tank foar alle tiid dy 't er joech en alle war, dy 't er die foar Aldegea, waard de heer Faber ta earelid fan D.B. beneamd.
- De noch oan te lizzen rioalering fan it part fan it West, dat de kristlike skoalle foarby leit, sil oanlieding jaan ta aksje fan de kant fan it bestjoer. De bewenners fan dit stik fan it West kinne mei de tiid in stensil yn 'e bus ferwachtsje.
- De Ried foar de Heraldyk yn Fryslân hat in ûntwerp makke foar in wapen en in flagge foar Aldegea. Beide foelen by de leden fan D.B. goed yn de smaak, sadat it doarp der ynkoarten wol mear fan sjen sil.
- Op 8 april om healwei achten sil yn it Miensker in foarljochtingsjûn hâlden wurde, oer it bestimmingsplan "Landelijk Gebied". Dat is foar it grutste part al fêststeld yn 1973. It giet no noch oer:
  - wat doe net goedkard is.
  - net agraryske bedriuwen bûten de doarpen.
  - bestearde wenten bûten de doarpen.

Wat de oerheid fan doel is falt te lêzen yn it Miensker yn de bibleteek, dêr 't it plan op besjen leit. Oan 1 juny 1983 ta kin men beswieren meitsje tsjin de foarstelde plannen.

De skriuwer fan D.B.

*Min beslein, sei de ûle, en beseach syn jongen.*

*It is sa 't it falt, sei de jonge, doe 't it wyfke him frege oft er in pankoek ha woe, en hja hie de noasdrippingjen.*



Hawwe jo in frieskast of -kiste?  
En wolle jo der graach poerbêst bôleguod yn ha?

**SKILJE US DAN EFKES**

Wy komme moandeis en tiisdeis mei bakkerguod  
yn Aldegea  
Wy hawwe no ek waddenbôle, zonder vet  
puur natuur

Waarme Bakker  
**J. JELSMA**

Boarnburgum

Tillefoan 05126 - 1215





## FUGELWACHT ALDEGEA



### TURKSE TORTEL (Fr. Turkske Toarteldo)

De Turkse Tortel is gemakkelijk te verwarren met de tamme lachduif, die vaak in kooien wordt gehouden. Hij wordt dan ook vaak voor een kooivogel aangezien. Temeer omdat hij voorheen in Nederland niet voorkwam. Vanuit het zuid-oosten is hij Europa binnen getrokken en heeft zich naar het noord-westen snel uitgebreid. Vermoedelijk werd in ons land de eerste Turkse Tortel waargenomen in 1949. In 1950 werd het eerste nest ontdekt in een pastorietuin in Musselkanaal. De eerste waarneming in Friesland was in 1955 in Harlingen. Het eerste broedgeval in Oudega was vermoedelijk een paar jaar geleden. En naar het zich laat aanzien, zullen dat er dit jaar wel een paar of 10 zijn. De Turkse Tortel is niet schuw en leeft graag dichtbij de mensen. Ook zijn nestgelegenheid zoekt hij meestal dichtbij woningen in heesters of coniferen. Het koeren van de Turkse Tortel lijkt veel op dat van de houtduif, maar is wat korter en bestaat uit 3 lettergrepen. Graag zitten ze te koeren op T.V.-antennes, waardoor ze op sommige plaatsen wel "antennedoke" genoemd worden. Hun voedsel bestaat voornamelijk uit granen en onkruidzaden, maar in de zomer en herfst lusten ze ook graag vruchten en bessen. In de winter verzamelen ze zich meestal in troepjes, en zijn dan vaak te zien op de voederplaatsen. De Turkse Tortel is bij ons dus een stand-



vogel geworden en schijnt zich hier heel goed thuis te voelen. Vogels die dicht bij de mensen leven hebben vaak veel voor op schuwe vogels, die de mens het liefst mijden. Dit geldt dan vooral voor de vogels die zaadeter of alleseter zijn. Voor hen is er dan altijd nog wel wat te vinden op onze voederplaatsen. De Turkse Tortel maakt hier dan ook dankbaar gebruik van. Dat is ook duidelijk te zien, want hij heeft zich de laatste jaren snel uitgebreid. In deze tijd, waar veel vogels in hun bestaan bedreigd worden en sommige soorten de grens van hun bestaan bereikt hebben, is het toch mooi te horen dat in ons land zich weer een nieuwe vogelsoort aangemeld heeft.

G. Elzinga

IETS GOED VOOR WEINIG GELD !!

### DESSO TAPIJTCOUPONS:

380 x 400	f 325,00
420 x 400	f 360,00
460 x 400	f 390,00
500 x 400	f 425,00
540 x 400	f 460,00
580 x 400	f 495,00

IN 5 KLEUREN

\*\*\*\*\*

70 procent wol – 30 procent nylon f 189,00

EEN MOOI EN STERK TAPIJT  
IN 2 KLEUREN

\*\*\*\*\*

B E D D E N - alle maten uit voorraad  
leverbaar.

KOOISTRA – TEXTIEL

Meubelen en Woninginrichting  
Buorren 22 - OUDEGA

VERHUUR van Cition Tapijtreiniger



# Denk na en ga terug



Nu het voorjaar weer nadert, de Kieviten weer bijna aan de leg zijn, gaan velen de natuur in. Wie gaat eierzoeke moet goed bedenken, dat hij of zij zich op andermans terrein bevindt. Laat niet uw auto voor een hek staan en plaats hem ook niet in een dam. Parkeer de auto goed aan de kant op een smalle weg. U kunt hiermee veel ergenis van onze veehouders voorkomen.

Zij die wandelen gaan met een hond, doe hem aan de

lijn. Zonder dat u er erg in hebt, kan hij veel schade veroorzaken aan broedende vogels in het veld en aan de waterkant. Denk ook om uw kat in het voorjaar, zij kunnen veel zangvogeltjes die zitten te broeden verstoren. Laat ons proberen dat onze flora en fauna, die van ons allemaal is, zo goed mogelijk te verzorgen.

Voorzitter Vogelwacht

*Desnoods op de fiets naar Olterterp . . .*

*Want VERLOVINGSRINGEN in deze dure tijd gelukkig bij*

*"DE SLAG"  
in Olterterp*

*bijzonder goedkoop v.a. f 200,- p/p, 14 karaat goud  
en bekende merken*

*Ook zware zilveren geboortelepels  
vanaf 195,- gratis gegraveerd*

*Verder duizenden sieraden in GOUD en ZILVER  
nergens goedkoper*

*Inruil van oud goud tegen de hoogste prijs*

**SELMEN 2**

*Tussen Olterterp en Ureterp*

*Tel. 05125 - 1695*





## AFSCHEID

Op dinsdag 1 maart 1983 hield de begrafenisvereniging "De Laatste Eer" haar jaarvergadering. Aanwezig waren slechts 15 leden. De gebruikelijke agenda werd afgewerkt tot het punt: Rondvraag. Hier werd in de vergadering meegedeeld, dat het bestuur deze avond de heer Joh.W. de Vries had willen huldigen, door hem een blijk van waardering in



Op dizze foto is te sjen, dat Joh. de Vries ek wolris wat oars die as kloklieden.

de vorm van een cadeaubon te overhandigen, voor zijn trouwe dienst als kloklouder voor onze vereniging. Daar dhr. de Vries van te voren liet weten om in deze vergadering niet aanwezig te kunnen zijn, werd besloten dat de voorzitter dhr. J.J. Veenstra deze zaak verder zou verzorgen.

Het Bestuur

**Rockport®-Suntrack®**  
**vakantie voor uw**  
**voeten...**



**ORIGINAL ROCKPORT 3000**

ideaal voor in huis, hotel of vliegtuig, op de boot, in de caravan en achter het stuur.  
Maten 36 t/m 46.

**ROCKPORT®** *Licht en Soepel*

uw official Rockport dealer



## BOUWBEDRIJF

## D.H. DE JONG

west 22 oudega (sm) tel. 05127 - 1204

uw adres voor

NIEUWBOUW

VERBOUW

ONDERHOUD





# Oudega kweekt klokluiders

*Jeugd moet ouderdom vervangen*



Wie op Zaterdagavond in de omgeving van Oudega (Sm.) verkeert, zou — zo tussen zeven en halfacht — menen, dat er iets bijzonders aan de hand is, zo lang luiden de beide klokken in de grijze dorpstoren. Het normale „preeklieden”, dat iedere Zaterdagavond om zeven uur plaats vindt en dat de kerkdienst van de volgende morgen aankondigt, is namelijk uitgegroeid tot wel een half uur en wie op de luidzolder klimt, zal ervaren, dat niet de drie „officiële” luiders van het dorp aan de touwen hangen, maar een aantal „jongebazen”, die op deze wijze voortreffelijk hun energie (en nog wel in muzikale vorm) kwijt kunnen.

Toch is het niet de bedoeling de jeugd een pleziertje te bezorgen, die bij dit luiden voorzit. Nee — zo vertelde de koster, Martinus Adema, ons — hier is eigenlijk sprake van een leerschool. De begrafenisvereniging heeft namelijk drie vaste luiders, maar van hen zijn er al twee boven de zeventig. Zij komen dus zo langzamerhand op een leeftijd, dat het „skuorren oan 'e touwen” hun niet meer zo licht valt. Bovendien, zou een van hen ziek worden, dan moest het dorp het zonder behoorlijk klokgeluid doen en zoiets wordt in de Wouden (terecht) als 'n tekort gevoeld. Daarom werd er besloten een stuk of vier, vijf jongeren op te leiden tot klokluiders. De kerkvoogdij gaf haar toestemming en zo komt er iedere Zaterdagavond een groepje „learders” bijeen, die „lieders”

*In Oudega (Sm.) krijgt de jeugd Zaterdagavond les in klokluiden.*

willen worden. Oude Hofman, de vroegere koster, geeft de nodige nuttige wenken en waarschuwingen — „it giet wol ris mâl mei dy jongkeardels!” — en zo moet de geregelde oefening de gewenste routine geven. Want het is niet gemakkelijk met z'n beiden de grote klok te luiden, terwijl nummer drie de kleine bedient. Maar ook hier wordt al doende geleerd en tenslotte is een luid oefening heel wat minder onaangenaam voor de toehoorders dan bijvoorbeeld een schietoefening.

## OUDEGA KWEKT KLOKLUIDERS

Dat stie sa 'n tritich jier lyn boppe in krante-artikeltsje. Ut it art. wurde wy gewaar, dat in tal jongkeardels doe lessen krigen yn 't kloklieden. By it art. stie in foto en dêr op lûke Martinus Adema, Hindrik Welling en Jehannes Siebenga fûleindich oan 'e klokstouwen.

Dat kaam sjesa: de begraffenisfer. woe graach in reserve oan kloklieders ha. Fan 'e 3 fêste lieders wiene doe twa al oer de santich jier âld. Dat sadwaande.



## SKOALLE MEI DE BIBEL

### Alderjûn

It wie healwei achten. De foarsitter wie tige bliid, dat der safolle minsken wiene. Hy woe fuortdaliks mar begjinne. Ut it Fryske Lieteboek songen wy ges. 465.

It jierferslach hiene wy allegear al thúskrige, mei de bedoeling dat wy it trochlêze soene. Der wie gjinien, dy 't der noch wat oer sizze woe. Sadwaande krigen wy doe it toanielstikje fan de beukers: "Onze juf heeft feest". Se diene it moai.

Nei it earste skoft krigen we de ferslaggen fan skathâlder, beukerskoalle en legere skoalle. Ek dêr-oer wiene gjin fragen of opmerkings. It haad fan 'e legere skoalle hat ús ferteld fan 'e polysje, dy 't op skoalle west hat. En minister Deetman kaam ek oan 'e oarder, fansels, mei syn besunigjen. Master wie mar min oer him te sprekken. Dat gong ien fan 'e âlden te fier: "Mar master, wy moatte omers allegear besunigje". Dat wie master mei him iens, mar it kin wol oars, sei er. No giet it op kosten fan 'e bern. It ûnderwiis waard ek noch besprutsen, fansels.

Dêrnei krigen wy in ferslach fan de skoalreiskes. Dat wie sa moai. Wy krigen der suver sin oan. De rûnfrach. Ien fan 'e âlden woe witte, wêrom de bern it rapport sels net meikrije nei hûs. Der waard doe útlein, dat de rapporten mei de âlders besprutsen wurde. De âlders witte alles dan al. In oarenien sei: "Meie de bern dat dan sels net witte?". Wer in oarenien sei: "Lit it mar oan de bern sels oer hoe 't se wolle". Wy binne nijsgjirrich hoe 't it komme sil.

Nei it twadde skoft kamen der noch twa toanielstikjes:

1. It komt op 'e bûtenkant net oan.
2. De pet fan Pinte Parlo.

It wiene moaie stikjes.

Op it lêst wie der noch in spultsje foar eltsenien. Der wiene dia 's fan Aldegea. Wy moasten riede wa 't dêr op stie of wêr 't it wie. Der wiene ek dia 's fan eartiids by, byg. "Baaie". Mar dy koe eltsenien wol. It wie in moaie jûn.

In âlder

## IT WITTEN WURDICH

### ZWEMMEN VOOR ZWANGEREN

Sinds ongeveer 1 jaar bestaat in zwembad "De Welle" te Drachten een speciale zwemcursus voor zwangere vrouwen. Door twee vaste zweminstructrices worden speciale oefeningen en ook conditietraining gegeven. Zwemmen is nl. de enigste sport, die je als zwangere zonder gevaar kan beoefenen tot in de 9e maand van je zwangerschap! Voor moeders, die geen oppas kunnen krijgen, bestaat de mogelijkheid om je kind mee te nemen. Onder toezicht mag die dan spartelen in het pierebad. De kosten bedragen f 69,- voor 20 lessen van 1/2 uur. Voor kinderoppas wordt een extra bedrag gevraagd. Inlichtingen kunt u verkrijgen bij zwembad "De Welle", tel. 05120 - 13526.



koos bakker

KLEERMAKERIJ

DRACHTEN

Ook het adres voor al uw  
ruiterkleding en toebehoren  
van het wereldmerk "PIKEUR"

Moleneind 44, tegenover Elmar

Tel. 05120 - 31533


b.g.g. 05120 -12516

Stoppage verzorgen wij ook voor u.

Tevens reparatie-inrichting voor alle  
lederwaren (tuigen, halsters)  
en ook voor het opstoppen van uw zadel.

## GARAGE DURK VISSER

Deze maand is de fam. Durk Visser aan de beurt in de serie van gesprekjes met onze trouwe adverteerders.



### Wie vormen het gezin Visser?

De man Durk en echtgenote Litty.

### Jullie wonen hier nog niet zo lang, maar kun je nu al zeggen of het jullie hier bevalt?

We zijn op 1 mei 1982 hier gestart met de garage, en op 15 december 1982 zijn we hier komen wonen. Het bevalt ons hier uitstekend. We zijn reuze leuk opgevangen. Oudega is een levendig en gezellig dorp, kortom we vinden dat we het geweldig getroffen hebben.

### Waar komen jullie vandaan, hadden jullie hiervoor ook al een garage?

We zijn afkomstig uit Lekkum (dus het dorpsleven wel gewend en er ook zeer aan gehecht). Ik heb plm. 10 jaar gewerkt als monteur en heb qua auto's algemene ervaring. We runnen ons bedrijf hier met z'n drieën. Klaas is onze vaste monteur en Litty verzorgt de administratieve zaken, zoals boekhouding, rekeningen enz.

### Verkopen jullie alleen gebruikte auto's of leveren jullie ook wel nieuwe wagens?

We kunnen alle nieuwe merkenauto's leveren en we verkopen zeer betrouwbare tweedehands wagens. Verder verzorg ik ook reparaties van trekkers zoals lekke banden en kapotte motoren. We geven Bovaggarantie op alle verkochte auto's (volgens gemaakte afspraken) en op alle reparaties.

### Wat voor service hebben jullie nog meer te bieden?

We proberen een klein bedrijf te blijven met grote service. Persoonlijk contact met de klant is zeer belangrijk. Onze garage is geopend van 's morgens 7.30 tot 's avonds 18.30 uur en in noodgevallen ben ik altijd (ook na sluitingstijd) bereid te helpen. Ook op zaterdag is onze werkplaats geopend. Alle accessoires en onderdelen kunnen geleverd (evt. besteld) worden. Op banden geven we minimaal 15

procent korting, dit hangt af van het merk wat de klant wil hebben. Uitlaten worden in de meeste gevallen gratis gemonteerd. Binnenkort starten we met Veilig Verkeer Nederland Keuringen (V.V.N.). Bij iedere beurt wordt dan een inspectierapport

geleverd. V.V.N. verricht door het hele land steekproeven, om te controleren of de keuringen juist worden verricht. Ook worden schades door ons volledig behandeld en afgehandeld.

### Ben je hier als garage afhankelijk van de plaatselijke bevolking wat betreft reparaties en verkoop?

Durk vindt dat het nu langzaam wat begint te komen. De mensen moeten eerst wat wennen aan een nieuwe garageman. Mond tot mond reclame is in deze branche zeer belangrijk. En waarvoor zul je het verzoeken, als je hier in het dorp een garage hebt. Het is het proberen zeker waard. Mag ik hierbij ook nog een kleine opmerking plaatsen? Misschien dat dorpsbelang bij de gemeente een balletje op kan gooien over een goede wegwijzer op dit kruispunt. We worden nl. dagelijks bij ons werk vandaan gehaald om leveranciers en andere mensen de goede weg te wijzen. Verder hopen we dat het ons zakelijk zo goed gaat, dat we hier niet meer weg hoeven.

Wij van de doarpsomropper wensen jullie hierbij veel succes toe.

M. V.-K.

## UT OARE BLEDEN

### EARNSTICH FEARNSJERSWURD

Mar doe 't it jûnich waard en Hy mar troch spriek oer it noed stean fan de swakken en de earmen en it lyk rjocht foar elkenien, begûnen Syn learlingen om te winen en hja ûnderbrieken Him sizzende: Och, Heare, soenen Jo de bergrede ek wat ynkoartsje kinne. Wy woenen Dallas noch sjen".

(Ut: De Kul, lit. tydskr. febr. '83)



# Schoolartsen moeten

## Voorlichting

Hoe wordt men door de schoolarts op de hoogte gehouden over het onderzoek? "Voldoende", meent de helft van de ouders, met tekst en uitleg in een ook voor het kind begrijpelijke taal. "Gaat wel", zegt een derde en "zeker niet voldoende", antwoordt de rest. Deze groep klaagt over een stilzwijgende, kort aangebonden of niet spontaan informerende schoolarts.

De voorlichting over een tiental onderwerpen vindt 40% van de ouders "voldoende"; 10% vindt deze "nauwelijks voldoende" en 50% "uitgesproken onvoldoende". Vooral over seksualiteit, verantwoord speelgoed, opvoedingsmoeilijkheden en het voorkomen van ongevallen in/om het huis vinden veel ouders de informatie onvoldoende. Veel van de onderwerpen komen niet of nauwelijks aan bod, of alleen als de ouders erom vragen, of betuttelend, zonder dat er gelet wordt op wat de ouders vinden.

Ouders vinden het weleens moeilijk praten over het gedrag van hun kind, als het zelf erbij zit. Ook remt een stugge houding van de schoolarts nogal eens het gesprek of worden er vragen gesteld, maar geen oplossingen gegeven. Soms wordt er over het kind gepraat, maar heeft het zelf geen enkele

---

**"Mijn zoon kreeg herhaaldelijk te horen dat hij op een meisje lijkt, omdat hij niet van sporten en stoeien houdt."**

---

inbreng.

Als er vragen of problemen zijn, moeten de ouders daarmee bij de schoolarts nadrukkelijk voor de dag komen.

De schoolarts kan een belangrijke taak hebben bij de gezondheidsvoorlichting en -opvoeding, kan mensen meer betrekken bij de gezondheid van henzelf en anderen. Uit ons onderzoek blijkt dat dit voornamelijk nog een wens is, en dat deze nog nauwelijks in de praktijk wordt gebracht. Met de nieuwe Wet op het Basisonderwijs, waarschijnlijk vanaf 1985, gaat "bevor-

## Toestemming nodig

Aan negen op de tien ouders is volgens henzelf geen toestemming gevraagd, of er resultaten van het schoolartsenonderzoek aan de huisarts of school mochten worden doorgegeven. De meesten vinden echter, dat dat wel had moeten. Wij zijn het hiermee eens en vinden ook, dat men informatie over oudere kinderen niet aan de ouders mag doorspelen, tenzij de kinderen zelf hun toestemming hebben gegeven.

De schoolarts tekent alle gegevens aan op een kaart. Bijna driekwart van de ouders krijgt geen schriftelijke gegevens in handen, behalve het sportadvies. Een

kwart heeft inzage weleens nodig gevonden, meestal als ze vonden dat de schoolarts te weinig verteld had. Een derde van die groep heeft inzage gevraagd, maar deze is in verhouding vaak geweigerd. "Ik mocht grafieken van lengte en gewicht zien, maar geen psychologische beoordeling."

Openheid stelt men erg op prijs. Weigering van inzage beoordeelt men vaak als "slecht contact" met de schoolarts, inzage als "goed contact".

Ongeveer driekwart van de ouders wil zelf het dossier kunnen inzien.

Het dossier blijft, als het kind van school af is, bij de

schoolartsendienst, wordt daar ongeveer drie jaar bewaard en dan vernietigd. De meeste ouders weten dat niet. Zij willen het dossier (of een afschrift ervan) echter graag meekrijgen, ook opdat het niet in verkeerde handen valt. Wij zijn het daarmee eens. Ouders, maar ook oudere leerlingen moeten het dossier kunnen inzien en dit, of het afschrift kunnen meekrijgen.

De schoolarts kan zich hierbij niet op zijn beroepsgeheim beroepen. Dit moet ouders en leerling immers tegen derden beschermen en niet tegen henzelf...

dering van gezond gedrag" tot het takenpakket behoren. De schoolartsen zullen volgens ons daartoe moeten gaan bijdragen.

Bij het kleuter- en basisonderwijs wordt het kind via de ouders uitgenodigd; bij het vervolgonderwijs krijgt de leerling zelf de uitnodiging, maar mogen de ouders mee. Met een kind van 12 jaar en ouder wil nog de helft van de ouders mee, met kinderen van 14 nog bijna een kwart. Maar in de praktijk gebeurt dat veel minder, omdat het niet de gewoonte van de school is en niet alle leerlingen het op prijs stellen.

De plaats van het onderzoek vindt men meestal ook de geschiktste. De school wordt een vertrouwde omgeving genoemd, waar bespreking met de leerkrachten makkelijker is en de kinderen na afloop sneller in de klas kunnen terugkomen. De GGD of het schoolartsencentrum daarentegen wordt geprezen als neutrale ruimte, zonder afleiding of gesleep met het benodigde materiaal.

Over de wachttijd buiten school be- toont een kwart van de ouders zich niet geheel tevreden. Blijkbaar stellen ze bij langer wachten ook hogere eisen aan het onderzoek: "Heb ik daar nou zo lang voor zitten wachten?"

Het beste van het onderzoek vindt men, dat het kind van top tot teen wordt nagekeken. Het slechtste, dat men te weinig informatie krijgt of te weinig in

het gesprek wordt betrokken. De ouders wensen uitgebreidere informatie van de schoolarts en willen hun kind vaker laten onderzoeken, vooral pubers en risicogroepen zoals buitenlandse kinderen. Ook vragen ze meer openheid voor henzelf en hun kinderen: persoonlijker gesprekken, informatie in een taal die ook het kind begrijpt en ze willen het dossier kunnen inzien en meekrijgen. Ze willen serieus genomen en niet als leken beschouwd worden. Op school zou meer verteld moeten worden over het werk van de schoolarts, bijvoorbeeld in een gezondheidsproject. En ze willen zoveel mogelijk steeds dezelfde schoolarts.

---

## Leerlingen

"Weinig of geen informatie van de schoolarts over en tijdens het onderzoek. Of alleen in dure woorden." "Goed dat juist de schoolarts de sportkeuring doet, omdat hij je toch onderzoekt." "Onzin, de keuring stelt weinig voor omdat hij je conditie, kracht en lenigheid toch niet test."

Enkele mondige meningen van leerlingen in het voortgezet onderwijs (MAVO, HAVO en VWO), brugklas en tweede klas. We hadden 250 leerlin-



# meer van zich laten horen

gen in onze enquête. De meesten vinden het schoolartsenonderzoek belangrijk. "Als je denkt dat je iets mankeert, ga je toch niet gauw naar je eigen dokter." "De schoolarts keurt je helemaal, een gewone dokter bekijkt je alleen als je ziek bent." Of: "Anders merk je niet of je een bril nodig hebt."

**"Je uitkleden bij open gordijnen, zodat andere kinderen je kunnen zien."**

je een bril nodig hebt."

Het onderzoek naar ogen en oren vinden de ondervraagde leerlingen het belangrijkste en bijna allemaal leuk. De geringe privacy bevat het minst: je uitkleden bij open gordijnen zodat andere kinderen je kunnen zien.

Het is nog onduidelijk wat de schoolarts voor oudere leerlingen kan betekenen. Er wordt geëxperimenteerd met "open spreekuren" voor leerlingen die het een en ander willen bespreken; verder overweegt men te gaan adviseren over voorbehoedmiddelen. Niet elke leerling praat immers graag over intieme zaken met een huisarts, die tegelijk huisarts van de ouders is.

Verbeteringen kosten vaak geld, maar ook zonder geld kan al vooruitgang worden geboekt. Bijvoorbeeld door leerlingen als mondige mensen te behandelen en hun privacy te waarborgen.

## Scholen

Meer schoolartsen en regelmatig onderzoek, vooral bij specifieke groepen, zoals buitenlandse kinderen en pubers. Beter overleg met de schoolarts en duidelijker verslagen. Wat de leerkracht vertelt ernstig nemen, omdat die de kinderen dagelijks meemaakt. Meer samenwerking tussen schoolarts, huisarts en specialist. Meer voorlichting op ouderavonden en in de klas over gezondheid en het werk van de schoolarts.

Dat zijn de wensen van 220 geënquêteerde scholen in het kleuter-, basis- en buitengewoon onderwijs (de laatste groep bestaat meest uit LOM-scholen,

voor kinderen met leer- en opvoedingsmoeilijkheden). Een regelmatig medisch onderzoek vinden de meeste scholen belangrijk. De schoolarts moet dat doen, zeggen vooral de kleuter- en buitengewone scholen. Voordeel: wat ouders en leerkrachten niet gauw zullen ontdekken, maar wel de schoolprestaties kan schaden, zal de schoolarts wél ontdekken en eerder dan een huisarts aan de school melden. De basisscholen zijn op dit punt minder enthousiast, vaak omdat ze minder gunstige ervaringen hebben gehad met de schoolarts.

De meeste scholen prijzen vooral de grondigheid van het onderzoek en het contact met de school. Twee klachten hoorden we echter vaak vanuit alle schooltypen. Te snel en buiten de school om doen schoolartsen weleens uitspraken over schoolrijpheid en -keuze. Dit niet altijd gegronde oordeel kan ouders nodeloos ongerust maken.

Verder spreken de schoolartsen niet al hun gegevens door met de leerkrachten, is een grief van de scholen. De wensen van de scholen gaan op dit belangrijke punt duidelijk verder dan wat de ouders willen. Volgens ons moeten ouders en leerlingen altijd weten dat de schoolarts en de school overleggen over de gegevens uit het onderzoek. Willen zij niet dat bepaalde gegevens naar de school doorgaan, dan moet dat ook achterwege blijven.

Het buitengewoon onderwijs is het meest tevreden over de onderzoeken door en het overleg met de schoolarts, zeker indien deze ook in de toelatings- en begeleidingscommissie zit en dus direct bij de school is betrokken. In an-

dere gevallen vindt men dat het overleg met de schoolarts nogal eens te kortschiet. En de schoolarts doet soms summier en onduidelijk verslag, blijft in constatering steken, is weinig betrokken bij de begeleiding van ouders en kind. Juist daarom pleiten deze scholen ervoor dat de schoolarts in de genoemde commissie plaatsneemt. In de komende Wet op het Speciaal Onderwijs wordt dit ook zo geregeld. Vooral de buitengewone scholen zijn er voorstander van dat de schoolartsenonderzoeken op de school plaatsvinden om redenen van vertrouwelijkheid en contact.

Het kleuteronderwijs is minder te-

**"Prima dat de schoolarts op hoofdluis controleert."**

vreden. De onderzoeken bij het consultatiebureau en de schoolarts overlappen elkaar te veel. En verder: "De kleuters worden in het laatste schooljaar onderzocht. Wij kunnen daarom aan 'foutjes', zoals verkeerd lopen, niet veel meer doen." "De schoolarts komt zó in het begin van het schooljaar, dat de leidster van de nieuwe kleuters nog erg weinig kan vertellen."

Het basisonderwijs is het minst tevreden. Naast de eerder genoemde algemene klachten, heeft men aanmerkingen op de inhoud van het onderzoek en op de wisselingen van schoolarts.

## TENSLOTTE

Waar de schoolartsen tekortschieten, is dat vooral in hun voorlichting aan ouders en leerlingen; de huidige normen maken het hen ook moeilijk, voldoende tijd uit te trekken. Maar de ouders blijken ook over de voorlichting tevredener, naarmate het onderzoek langer duurt. Daarom zou de overheid meer ruimte moeten scheppen door meer geld beschikbaar te stellen.

De nieuwe Wet Voorzieningen Gezondheidszorg schrijft ook voor de schoolarts kwaliteitseisen voor. Bij de invulling hiervan moet vooral de voorlichting worden betrokken. Verder weten de ouders vaak niet precies wat de schoolarts is en wat hij voor ze kan doen. Een goed voorlichtingsboekje daarover kan aan veel onduidelijkheden een eind maken. ■



EEN NIEUWE DAG

's morgens  
als alles nog in diepe rust is  
openen de bloemen hun blaadjes  
en verglijden de dauwdruppels één voor één  
vogels beginnen te zingen  
de dag is begonnen  
alles ruikt nog lekker fris  
een frisse dag, nog zonder zorgen  
er is niets wat hinderlijk is . . . .

of toch wel?  
ja, de mensen worden wakker  
met hun drukte en lawaai  
de bloemen zuchtten  
ze beginnen weer, die monsters  
de dauwdruppels zuchtten voor de laatste keer  
en gaan verloren  
en de vogels?  
ze vliegen weg  
om het lawaai niet te kunnen horen  
van machines en motoren  
die het gras maaien en het koren

's nachts als alles rustig is  
zuchtten en fluist'ren de bloemen . . . .

tineke toering  
eig. impr.

*Oprêden giet der mei, sei de boer, en hy fage de  
tafel mei de strontbiezem ôf.*

LEKKER ITEN, MAKLIK REE TE MAAKEN

Kaiserschmarren (4 pers.)



Tabearren:

- 3 ûns bakmoal
- 3 brijleppelfollen sûker
- 1/4 mingel rjemme (molke kin like goed en is lang sa dreech net)
- 5 à 6 aaien
- sâlt
- 1 ûns mealde mangels
- 1 ûns rezinen
- 2 1/2 ûns margarine/oalje
- poeyersûker

It reemeitsjen:

moal, sûker en rjemme/molke goed trochinoar riere ta in moai, glêd besleek, lyts bytsje sâlt der by dwaan. De aaiDJERREN der dan stadichwei trochhinne riere, dan ek de mealde mangels en de skjinwosken (droege) rezinen. Rier dêrnei it STIIFKLOPPE AAIWYT der ek trochhinne en bak dan it besleek yn 'e gleone margarine of oalje lykas in omelet. Ferdiel it baksel mei in foarke yn stikken, strui de poeyersûker der oer en set it goed warm op tafel.

Kaiserschmarren is yn Eastenryk populêr iten. De Eastenrikers meitsje it thús ree, mar in protte restaurants en ythûskes hawwe it ek op har spiislist stean. It moat de namme tankje oan keizer Frâns Joazef (1830-1916) wurdt der sein. Dy moat der sljocht om west hawwe.


Maak eens  
een proefrit

met het  
origineel.




De nieuwe Datsun Stanza. Het origineel.

Eerste van een nieuwe auto-generatie. Dus voorlopig niet te imiteren. De nieuwe Datsun Stanza.



OOK IN 4 DEURS



OF IN 6 DEURS

De meest uitgebalanceerde middenklasser met voorwiel-aandrijving. De kracht van een sprinter. Zuinig. Maximaal rendement uit normale (!) benzine. Aerodynamische styling.

Maximale interieurruimte. Zo wekt de Stanza de indruk van binnen groter te zijn dan van buiten.

Beschermende veiligheid in de totale constructie. Koersvast weggedrag onder alle omstandigheden.

De nieuwe Datsun Stanza. Het origineel. Vooruitstrevend. Eigenzinnig in temperament. Nieuwe 1.6 en 1.8 liter motoren.

Nu bij ons. Klaar voor de eindtest: uw proefrit. Prijs incl. BTW. af Lisse.

vanaf 17.995,-



Datsun van Nissan.



autobedrijf  
drachten b.v.

DE HEMMEN 1  
DRACHTEN  
Tel. 05120-12100  
Na 18.00 uur  
Tel. 05120-14967-18575



FAN ALLES WAT

### NATIONAAL RHEUMAFONDS

De kollekte dy 't foar it hjirboppe neamde fûns hâlden is hat it prachtige bedrach fan f 1.315,75 oplevere. Dat is wat mear as ferline jier. De hiele Aldegeaster mienskip wol ik betankje, graach en tige, foar dat moaie risseltaat. Yn 't besûnder wol ik noch betankje alle kollektanten dy 't dêr foar hûskebylâns gien binne. Boppedat wol ik noch efkes apart betankje dejingen dy 't in finsterbiljet ophingje woene om de minsken op 'e kollekte yndachtich te meitsjen.

G. v.d. Lei - Feersma Hoekstra

### SIMAVI

De Simavi-kollekte hat fan 't jier f 1096,80 opbrocht. In goed risseltaat, f'ral as wy it sette njonken de opbringst fan ferline jier, want doe hat it f 958,00 oplevere. Hjirby wol ik út namme fan Simavi de Aldegeasters tank sizze foar harren goederjouskens. Tige betanke wurde ek alle kollektanten en ek de minsken, dy 't in finsterbiljet ophongen ha.

B. Zanstra - Elzerman

### ORANJE- EN FEESTFERIENING

De jiergearkomst fan 'e Oranje- en feestferiening wurdt hâlden op 6 april o.s. om 8 oere yn 't Mienster.

In **J E U G D M O D E** hebben we  
steeds het **NIEUWSTE** in huis.


Wij volgen de trends op de voet.

**KOM MAAR ES KIJKEN.**




# NAGEL

Bergum, Schoolstraat 51



## "...ANDERS NOG IETS?"



**DE MINI 9.990,-**

AUTOBEDRIJF

## HOFSTEE



Hoornweg 10 - 12, 9363 EG Marum  
telefoon 05944 - 1475

Van Haersmasingel 17, 9201 KN Drachten  
telefoon 05120 - 10125



MEAR WITE FAN EIGEN KRITE

Underwiis en skoalmasters III

Oerheid en herfoarme tsjerke soargen eartiids mei har beiden foar it ûnderwiis. De oerheid joech algemiene regels dêr 't alle skoallen (yn Fryslân) har oan hâlde moasten, de tsjerke folle dy algemiene regels oan foar de praktyk en hold dêrby rekken mei pleatslike tastannen. It tafersjoch oer it ûnderwiis lei ek yn 'e hannen fan 'e tsjerke ha wy al sjoen. De pleatslike tsjerkerieden moasten der fansels foar soargje, dat allinne mar herfoarme masters beneamd (of beroppen waard ek wol sein) waarden, dy 't boppedat belidenis dien hiene.

De pleatslike tsjerke hie der ek foar te soargjen, dat der geskikte gebouwen ree stiene, skoalle en mastershûs.

Master wie in ambivalent persoan, hy moast skoalle en tsjerke allebeide tsjinje. As tsjinner fan 'e tsjerke hied er op it iene plak mear te dwaan as op it oare, mar foarsjonger wied er hast altyd. Syn oantpart yn 'e earetsjinst koe dan ek hast net mist wurde. Ds. Th. Bruinsveld klage der dan ek mei rjocht en reden oer, dat er yn Ealsum en Wetsens eins gjin middeispreek hâlde koe mei 't dêr gjin skoalmaster wie. De klasjes hat doe prikken yn 't wurk set om der wer in master te beneamen (1969).

De tsjerkerieden moasten benammen ek tafersjoch hâlde op 'e boeken, dy 't yn 'e skoallen brûkt waarden. Se moasten der foaral goed om tinke, dat der gjin "ijdele en papistische" boeken de skoallen yngloepen.

De kennis fan dy âldtiidske skoalmasters hoege wy net sa heech te setten. De easken leine leech; as se mar ridlik goed lêze, skriuwe, rekkenje en sjonge koene wie 't ornaris moaiernôch. En dat hie der ek noch wolris oan. Sa hat der bgl. fan 1753-1796 te Warten in master Sybren Ultsjes Visker stien dy 't yn in fearnsieu noch gjin fiif bern it lêzen learde.

Wat de fysike geskiktens fan de masters oanbelange hipte it ek hielendal net sa nau. Ien dy 't op twa krukken omsprong en om dy reden foar it domenysamt net geskikt wie, koe noch wol skoalmaster wurde. En de niisneamde Wartenster skoalmaster wie sa dôf, dat de bern him mar amper beraze koene.

Ek wat de seedlike eigenskippen fan 'e masters oanbelanget hipte it net sa nau. Domenys dy 't fanwegen dranksucht út it amt set wiene, mochten lykwols noch wol skoalmaster wurde. Master Sylvius te Itens wie sa 'n ien; dy soe domenys wurde mar as kandidaat wie 't al sa 'n sûplap dat dêr neat fan komme koe. Hy "preekt soms ook nog, dronken zijnde" joegen syn tiidgenoaten him nei. In dronken keardel op 'e preekstoel, dat wie te slim, mar foar de bern stean mocht er wol. Dy niisneamde Sybren Visker fan Warten wie ien, dy 't tweintich oeren fan 'e dei dronken wie. Dat de minsken doe sa tolerant wiene foar drankslijens oer kaam dêrfandinne, dat der oer 't algemien noch al stevich dronken waard; froulju

diene ek mei, Jan H. Steen, in 17e ieuwer, hat se op syn skilderijen wol dronken ôfbylde.

Mar op rjochtsinnigens waard strang tasjoen. De beneamde masters moasten net allinne belidenis dien ha, mar ek noch in formulier tekenje. Inkelde nijsgjirrige punten út it formulier fan 1585 nim ik hjirunder oer.

Dit moasten de skoalmasters ûnderskriuwe:

- I Off zij die Schriften des Olden en Nieuwen Testaments niet achten voor goed en oprecht te zijn?
- III Off zij niet bekennen, dat zij dese selvige leer willen handhaven en oere schoolkeynderen deselvige leeren en voerdragen en alle boecken, die tegen dese leerlinge sijn strijdende, gelijk Mennonitische en papistische en diergelijke valsche boecken achterwege laeten?
- IV Off zij oock een huisvrouw gehetrout hebben en soe dat niet gedaen hebben, off zij niet be-loeven dat van stonden aen te doen?
- VII Off sy niet beloven die dienaars des Godd.(elijken) W.(oords), daer sij woenachtig zijn, alle hulp te bewijsen als met luijden, psalmen singen en diergelijke kerkelijke diensten?

Ta eintsjebeslút wer in stikmannich nammen fan Aldegeaster herfoarme skoalmasters. De lêste dy 't wy yn 'e Doarpsomropper fan febrewaris neame hiet Kornelis Baijens.

Yn febrewaris 1694 kaam der al wer in nije master yn Aldegea; JOANNES ANTONIDES. Hy kaam, mei attestasje en mei syn wiif Elisabeth Greidanus fan Penjum. Skipper Dirk Gerrits hat master-en-dy



mei 't skip fan Penjum helle en frege foar dy ferfarderij seis gûne, dy 't de tsjerke betelle. Mar it doarp hat grif net folle oan dy master hân, want datselde jiers reizge er al wer ôf nei Seisbierrum ta.

Dan komt der in jiermennich gjin skoalmaster yn 'e rekkenboeken fan 'e tsjerke foar. Mar der wurdt wol in GJALT GERLOFS neamd, dy 't in jier of wat efter mekoar wat jild krige foar "kloksmeer, besems, schrobbers en dweijlen tot de kerck en schole gebruyckt". Wy sille tinkt my, wol oannimme meie dat hy de skoalmaster wie yn dy jierren.

Yn 1702 stie hier master RUIRD JOHANNES. Nei 1710 krige er 12 gûne foar it foarsjongen yn 'e tsjerke, yn 1719 wie dat 15 gûne en 3 stoeren, yn 1727 kaam dêr noch 25 gûne by "wegens oppassen van 't uijrwerk". Ruid Johannes wie ek foarsjonger yn Nijegea en De Pein. De trije gemeenten hiene doe deselde domeny, dy 't yn Aldegea wenne. As domeny yn dy doarpen preekje moast, gong master mei him. Yn febrewaris 1707 die Sytske Hendriks belidenis yn 'e Aldegeaster tsjerke. Sytske wie master syn wiif.

Fan 1739 oant 1767 is RUURD JOHANNES RUARDI skoalmaster te Aldegea west. Ek al binne syn beide foarste nammen gelyk oan dy fan de niis krektneamde skoalmaster, wy kinne slim oannimme dat it deselde persoan is. Want hy troude op 7 juny 1755 mei Korneliske Freerks en syn namme stiet yn 1766 noch yn it doopboek as heit fan in doopt berntsje.



**Wij zijn altijd goedkoper**

Familiedrukwerk - Handelsdrukwerk - Kleurendruk

Reclamebureau - Sneldrukkerij

**R.I.J.O. b.v.**  
v/h Osinga

Het Anker 7 9206 AL DRACHTEN

Tel. 05120 - 12468

### VEEHoudERS!!

Wilt U dit voorjaar ook nog wat aan Uw grasland doen ? — Wacht dan niet te lang

Wij staan voor U klaar met de volgende mogelijkheden:

- doorzaaien
- ploegen
- frezen en inzaaien
- walkantfrezen
- mest- en gierverspreiden
- greppelfrezen
- onkruid bespuiten

Tevens verkoop van alle soorten graszaad — Verhuur van kraan en dumpers

Vraag vrijblijvend inlichtingen

F a. T O E R I N G — Het loonbedrijf voor Uw bedrijf —  
O U D E G A — Telefoon 05127 - 1582



EPENBIERE

SKOALLE

plm. 1913



**Fan l. nei rj.:**

FOARSTE RIGE: ? ; ? ; Wietske Geerligs; Atse Kempenaar.

TWADDE RIGE: Tjitske de Vries; Jan de Vries; Jeltje Geerligs; Christina A.W. Welling; ? Kempenaar; Richtje Kempenaar; Wipke Wijmenga; Japke Wijmenga; Sietske Hietkamp; Rinkje Bons ? ; Douwe de Glee.

TREDDE RIGE: Jan Wijmenga; Tjitske Rinsma; Jan Rinsma; Jantje Rinsma; Geesje Bons.

FJIRDE RIGE: Sietske Kuperus; Master Duursma; Attje Wiersma; Sietske A.W. Welling; Uilkje Noordenbos; Trijntje Noordenbos; Boukje Mudstra; Pieter Mudstra; Sietske A.J. Welling; Hantwurkjuffer; master Boskma.

BOPPESTE RIGE: Frou Duursma; Juffer De Boer; Douwe v.d. Kooi; Jan Kempenaar; Trijntje Kempenaar; Roel v.d. Meulen; Ettje v.d. Meulen; Jan v.d. Meulen; Folkert Posthumus; Wilco Posthumus.

Der steane hjirboppe ek in stikmennich fraachtekens. As der lêzers binne dy 't der de nammen ynfolje kinne, dan soe de redaksje dat ek wol graach witte wolle. Wy hâlde ús oanrikkemedearre.



# doarpsomropperke



## JONGES EN FAMKES

Wêr bliuwe de oplossingen fan de riedsels ?? Kom op Aldegeaster bern !!! Meiny hie sa har bêst dien troch rigels te meitsjen, dêr 't bistenammen yn sitte.

Hjir komt de oplossing:

- |         |         |        |
|---------|---------|--------|
| 1 eend  | 4 uil   | 7 kalf |
| 2 hond  | 5 luis  |        |
| 3 zebra | 6 leeuw |        |

Dit wie dochs net sa slim! En der is ek net in oplossing kaam fan it slim kerwei. Dat foel ús tige ôf.

Dit wiene de beroppen:

- |                    |                |
|--------------------|----------------|
| 1 skoalmaster      | 4 boargemaster |
| 2 skieppetysker    | 5 stoelwynder  |
| 3 skoarstienreager |                |


Lit mar ris sjen dat jim wol puzzelje kinne. Stjoer alle gear dizze puzzel mar op. Meiny hat him makke. Lit Meiny ek mar ris sjen dat jim it wol kinne. Opstjoere!

Conny - de Geasten 1  
Sari - Buorren 28A

## Nog een kunstje

Vraag eens aan je vriendje of hij door een briefkaart kan kruipen. Houd hem een kaart voor zo groot als een briefkaart. Dat is natuurlijk wel erg moeilijk!

Maar als hij het niet kan doe jij het wel even. Vouw de kaart dubbel (a) en knip de vouw door tot 1½ cm vanaf de korte kanten van de kaart (b). Vouw hem daarna weer dubbel, maar heel voorzichtig, zodat die twee smalle stukjes waaraan de beide kaarten vastzitten niet scheuren (c). Knip dan de gevouwen kaart afwisselend aan de ene en aan de andere kant in tot ongeveer 1 cm van de kant. Als je de kaart nu weer openvouwt heb je een grote zigzagvormige ring, waar je gemakkelijk doorheen kunt kruipen (d).




## HORIZONTALAAL:


- 1 het hangt aan de muur en het tikt.
- 5 dit zit aan je hoofd en ook aan de pan.
- 6 dit zegt de meester als jullie teveel kwebbelen.
- 7 als moeder of vader dit niet doet, krijg je geen warm eten.
- 9 het feest van Jezus opstanding.
- 12 als je iemand nadoet lijk je wel op deze dieren.
- 13 drie min twee is . . .
- 14 een bokswedstrijd is afgelopen als één van de bokkers . . geslagen wordt (afkorting).

## VERTICAAL:

- 1 iemand die eten kookt.
- 2 zonder dit deel van het geweer schiet de jager in het wilde weg.
- 3 een heel erge storm.
- 4 zo heet het broertje van Sien.
- 8 een boom.
- 10 afkorting van noord-noord-oost.
- 11 zo heet een dorp in friesland.







Prip it rûntsje út en stek hjir de finger troch. De fûgel wol de wjirm pakke en de oaljefant kriget in slurf.

## LYTSE JAPIK EN DE WIERHEID

Lang, lang lyn wiene der ris in grutte Japik en in lytse Japik — en se hiene sân skiepkkes om te hoedzjen. Op in moaie dei wiene se wer ris op wei nei hûs ta. De sinne skynde noch lekker waarm. De sân skiepkkes tochten oan it griene gers dêr 't se dy deis oan te gast gien wiene. Grutte Japik tocht der sa rinnendewei oer nei hoe tankber in minske eins wol hearde te wêzen foar sa 'n sierlike dei. En lytse Japik . . . . dy wist net . . . . wêr 't er oan tinke soe . . . . mar doe samar ynienen kaam der him wat yn 't sin en hy rôp:

“Japik! Harkje ris Japik! Witstû wol wat ik juster sjoen ha? Ik seach in griene knyn troch de loft fleanen en dy wie sa grut as . . . . dy wie noch grutter as in oaljefant.

“Soa,” sei grutte Japik. “En dû hast it fansels mei dyn eigen eagen sjoen, tink?”

“Ja, fansels,” andere lytse Japik, sa grutsk as in pau.

“Moai sa, want sjoch, it is mar goed datstû echt wier sels dy grutte griene fleanende knyn sjoen hast. Want ast him net sjoen hiest,” sei grutte Japik “sjoch, dy brêge dêr 't wy aansen oer moatte, is wat in nuveraardige brêge. Sa gau as ien, dy 't net de wierheid sprekt, der oerhinne rint brekt de brêge midstwa ûnder syn fuotten”.

Se rûnen fierder.

“Japik. Sis Japik,” sei lytse Japik efkes letter wer. “Witst wol, hen, fan dy knyn dy 't ik juster seach, dy grutte griene fleanende knyn. . . . . No, dy fleach net echt hear, enne . . . . hy wie ek net earlik sa grut as in oaljefant. Mar hy wie wol hiel hiel grut, hear. Hy wie sawat sa grut as in hynder. As in jong hynder”.

“Sa grut as in hynder?” frege grutte Japik, wylst se hieltyd tichter by de brêge kamen. Lytse Japik

begûn him wat raar yn 't liif te fielen.

“Japik”, begûn lytse Japik wer “dy grutte griene knyn dy 't ik juster seach . . . . no, ik krige krekt in plúske yn 't each . . . . . sadwaande koe ik him net sa dúdlik sjen. It wie eins hielendal net sa 'n grutte knyn. Mar grien wied er wol. Ja, dat wied er al, hielendal grien.



Grutte Japik sei gjin wurd. Hy pandere al oer de brêge. Mar lytse Japik kaam net efter him oan. Hy wie fjoerbenaud. Lytse Japik bleau foar de râne fan 'e brêge stean. En hy wist sels hiel goed wêrom 't er sa benaud wie.

“Japik!” rôp er. “Japik! Witst wol fan dy knyn dy 't ik juster seach, hen. No, dy knyn wie net iens grien. Nee Japik, nee, it wie mar in gewoan lyts brún knynsje, hear!”.

En doe wied er ynienen hielendal net bang mear . . . . . en hy stapte bliid oer de brêge.



## SOSIALE WURKLIST

### GROENE KRUIS

Spreekuur S. Hemminga, Bergum: maandag t/m vrijdag tussen 12.30 - 13.30 uur onder nummer 05116 - 1806.

Dienstdoende wijkverpleegkundigen zijn de weekeinden te bereiken van 13.00 tot 14.00 uur en van 18.00 tot 19.00 uur onder nummer 05120 - 12105 te Drachten.

### STICHTING GEZINSVERZORGING SMALLINGERLAND

Spreekuur alle werkdagen van 8.30 tot 9.30 uur.

Tel. 05120 - 19005, De Oppers 1b, Drachten.

### MAATSCHAPPELIJK WERK SMALLINGERLAND

Spreekuur te Drachten, Berglaan 62, tel. 05120 - 17235, alle werkdagen van 8.30 - 10.00 uur; verder op afspraak.

De gehele dag zijn er medewerkers op de Berglaan aanwezig. De informatie en advieswinkel is elke werkdag geopend van 9.00 - 11.30 uur en van 14.00 - 17.00 uur. Donderdags bovendien van 19.00 - 21.00 uur.

### BIBLIOTHEEK

Openingstijden:

Woensdag: 13.30 - 17.00 uur  
19.00 - 21.00 uur

Vrijdag: 13.30 - 17.00 uur  
19.00 - 21.00 uur

In "It Miensker", Fabrykswei 13a, tel. 1398.

### OPENINGSTIJDEN:

#### POSTKANTOOR

Maandag tot en met vrijdag:

8.30 - 12.00 uur

13.00 - 17.30 uur

Woensdagmiddags gesloten.

Tel. 05127 - 1258

#### RABOBANK

9.00 - 12.00 uur

13.30 - 15.30 uur

Donderdagsavonds:

17.00 - 19.00 uur

Tel. 05127 - 1533

### NED. MIDD. SPAARBANK en ASS. KANTOOR

It West 3, tel. 05127 - 1296

Open van : 9.00 - 12.00 uur

13.30 - 17.00 uur en op afspraak.

### UITVAARTVERENIGING "DE LAATSTE EER" OUDEGA

Inlichtingen over begrafenis of crematie enz. Afspraken alle werkdagen. Penm. G. Kooistra, Buorren 22, tel. 05127 - 1258. Bode A. van Keimpema, Fabrykswei 17, tel. 05127 - 1206. Denkt u er aan dat kinderen vanaf 18 jaar zelfstandig lid kunnen worden?

### WIKE-EINTSJINSTEN HUSDOKTERS

fan freed 17.00 oere oan 't sneintejûn 24.00 oere

2, 3, 4 april

PASEN H.J. Amelink Garyp  
Greate Buorren 22 05117 - 1264

10 april C. van Staveren Aldegea  
Roundeel 56 05127 - 1262

17 april S. Vriesinga Eastermar  
Torenlaan 17 05129 - 221

24 april J.S. Meyboom De Pein  
Kommisjewei 120 05127 - 1261

### TSJERKE-TSJINSTEN

Griff. tsjerke, domeny H.J. Nolles, till. 1223

1 apr. 19.30 oere ds. H.J. Nolles. Goedfreed  
3 apr. 9.30 oere ds. H.J. Nolles. Peaskesnein  
13.45 oere ds. R. Faber, Koatstertille  
4 apr. 9.30 oere ds. H.J. Nolles. Peaskemoandei  
10 apr. 9.30 oere dhr. A. Schraal, Tynje  
13.45 oere ds. H.J. Nolles  
17 apr. 9.30 oere ds. H. Herder  
13.45 oere ds. H. Herder  
24 apr. 9.30 oere ds. H.J. Nolles  
13.45 oere ds. P. Ravensbergen  
1 maaie 9.30 oere ds. G. Rijkers, Sumar  
13.45 oere ds. H.J. Nolles

Herf. tsjerke, domeny J.H. Hamoen, till. 05117 - 1228

1 apr. 19.30 oere ds. Hamoen. Goedfreed  
Hillich Nachtmiel  
3 apr. 10.30 oere ds. Hamoen. Peaskesnein  
4 apr. 10.00 oere ds. Kuperus. Peaskemoandei  
Mei sangkoor út 'e Tike  
10 apr. 10.30 oere mefr. Van Rijssen  
17 apr. 10.30 oere ds. Hamoen  
24 apr. 10.30 oere ds. Hamoen  
1 maaie 10.30 oere ds. Hamoen

### SOASJAAL-KULTURELE WURKLIST

28 mrt. o.e.m. 2 apr. — kollekte Youth For Christ  
5 apr. 19.00 oere — riedsgearkomst gem. Smell.lân  
6 apr. 20.00 oere — jierlikse gearkomst oranje- en  
doarpsfeestferiening. It Miensker  
7 apr. — gem. Smell.lân. Geark. komm. fan ûnder-  
wiis  
11 o.e.m. 17 apr. — kollekte Sakor  
11 apr. — gem. Smell.lân. Geark. komm. wolwêzens  
saken en komm. iepenbiere wurken  
12 apr. — gem. Smell.lân. Geark. komm. algem. saken  
13 apr. — gem. Smell.lân. Geark. komm. romtlike  
oarding en folkshûsfêsting  
14 apr. — gem. Smell.lân. Geark. komm. fan finânsjes  
en ekonomyske saken  
18 o.e.m. 24 apr. — kollekte "Hartstichting"  
25 apr. o.e.m. 1 maaie — kollekte "Internationale hulp-  
verlening"

De wethâlders binne woansdei fan healwei alven oant  
healwei ienen te sprekken.

N.B.: Riedsgearkomsten yn 'e Lawei (efterkant).  
Kommisjegeark. wurde net altyd op itselde plak en  
op 'e selde tiid hâlden. Wa 't sa 'n gearkomst bywenje  
wol moat dat yntiids mar efkes op it gemeentehûs  
fregje (05120 - 81234).

### DIEREDOKTERS

S. DE BOER, Hegewei 6, De Pein.

Boadskippen 8 - 9 oere. Lytse hûsdieren op ôfspraak.  
Till. 05127 - 1665.

D.G. RYPKEMA en A.K. VAN DE PAAUW,  
G. Boelensstrjitte 120, Drachten.

Sprekkoere 8 - 9 oere, 19.00 - 19.30 oere, útsein freed.  
Till. 05120 - 13757.



# HANDELSDRUKWERK

Strooifolders  
Prijscouranten  
Circulaires  
Fakturen  
Briefpapier  
Kleurendrukwerk  
Etc.

*Bij ons heeft U een ruime  
keuze uit de meest  
originele*

**GEBOORTE-  
VERLOVINGS-  
HUWELIJKSKAARTEN**

*Deze kaarten kunt U  
uitzoeken bij:*

**JANKE en BAUKE DE VRIES**

*Buorren 39a Oudega*

*Tel. 05127 - 2417*

*Ook 's avonds kunt U daar terecht*

